

PARSEBERJOCHT

29 juny 2018

De Frissel wint Sjongfestival 2018

Nei in spannende finale is De Frissel út Drachster Kompenije de winner fan it Sjongfestival 2018 wurden. Sy wûnen freedtemiddei 29 juny it Sjongfestival mei it ferske 'Freonskip boppe'. De sjuery wie tige te sprekken oer it optreden fan de skoalle: "Der falt te hearren dat der in soad oan muzyk dien wurdt op de skoalle. In goed kleurepalet oan muzyk, mei rap en rock." De Kogge út Drylts wûn de tekstpriis, de priis foar it bêst selsskreaune nûmer.

De winnende skoalle gie neist de gouden mikrofoan, nei hûs mei de wikselbokaal: de 'Karin de Jong-priis'. De twadde priis gie nei De Kogge út Drylts en it tredde plak nei Eben Haëzer út Dokkum. Ek oer dy twa skoallen wie de sjuery tige te sprekken.

De opdracht oan de skoallen wie dit jier om in eigen tekst te skriuwen. Foar De Kogge út Drylts wie der de tekstpriis om't sy neffens de sjuery de bêste tekst skreaun hienen. Sy wienen hiel entûsjast oer de tekst fan it ferske 'Kom mar by ús'.

It Sjongfestival wie dit jier wat oars as oars, grutter en mei nije eleminten. Sa waard de finale hâlden op it poadijium fan CityProms op it Wilhelminaplein yn Ljouwert. Seis skoallen út hiel Fryslân hawwe optreden foar de profesjonele sjuery dy't bestie út: Janneke Brakels, Wiebe Kaspers en Nynke Laverman. De presintaasje lei yn hannen fan Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries.

It Sjongfestival wurdt organisearre troch Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wurdt ienris yn de twa jier hâlden.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876 of 06 31 59 02 12.

PERSBERICHT

29 juni 2018

De Frissel wint Sjongfestival 2018

Na een spannende finale is De Frissel uit Drachtstercompagnie de winnaar van het Sjongfestival 2018 geworden. Zij wonnen vrijdagmiddag 29 juni het Sjongfestival met het liedje 'Freonskip boppe'. De jury was erg te spreken over het optreden van de school: "Er valt te horen dat er veel aan muziek wordt gedaan op de school. Een goed kleurenpalet aan muziek, met rap en rock." De Kogge uit IJlst won de tekstprijs, de prijs voor het best zelfgeschreven nummer.

De winnende school ging naast de gouden microfoon, naar huis met de wisselbokaal: de 'Karin de Jong-prijs'. De tweede prijs ging naar De Kogge uit IJlst en de derde plaats naar Eben Haëzer uit Dokkum. Ook over die twee scholen was de jury erg te spreken.

De opdracht aan de scholen was dit jaar om een eigen tekst te schrijven. Voor De Kogge uit IJlst was er de tekstprijs omdat zij volgens de jury de beste tekst hadden geschreven. Ze waren erg enthousiast over de tekst van het liedje 'Kom mar by ús'.

Het Sjongfestival was dit jaar wat anders dan normaal, groter en met nieuwe elementen. Zo werd de finale gehouden op het podium van CityProms op het Wilhelminaplein in Leeuwarden. Zes scholen uit heel Fryslân hebben opgetreden voor de professionele jury die bestond uit: Janneke Brakels, Wiebe Kaspers en Nynke Laverman. De presentatie lag in handen van Raynaud Ritsma en Geartsje de Vries.

Het Sjongfestival wordt georganiseerd door Cedin, Afûk, Keunstwurk en Omrop Fryslân en wordt een keer in de twee jaar gehouden.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876 of 06 31 59 02 12.